

Nije úntjowings

Sjaardaleane

Ut de oantekens fan de tsjerkfâdengearkomste fan 17 novimber 1947:

'De voorzitter deelt meede dat een verzoek is ingekomen van het gemeentebestuur tot aankoop van een stuk grond in verband met het uitbreidingsplan van ons dorp vanaf de Hijdaarderweg tot aan het middelste hek voor de zgn. 'slabarten' ten grootte van 2044 m² voor een totale prijs van f.343 zo zijnde voor 900 m² sintelreed totaal f.1,-. en voor 1144 m² berm a f.0,30 per m². Daar deze grond aan de pastorie behoort, zal hiervoor de goedkeuring worden gevraagd van het Prov. Kerkbestuur. Het verzoek wordt toegestaan.'

Folkert K. Reitsma (*1922), dy't yn de fyftiger en sechtiger jierren yn de feriening fan Doarpsbelang siet, skriuwt hjir oer:

'Efter Zonnehoek oan de Wynserdyk rûn in sintelreed it lân yn. Dy reed waard by de oanlis fan de Sjaardaleane ferbrede en dêr kaam in klinkerdyk op te lizzen.

Oan de noard-eastkant kamen trije blokjes huzen fan twa wenten.

It bûterfabryk hie ek ferlet fan in blokje en sa waard in fjirde blokje boud, mar wol oars yn útfiering. Dizze huzen kamen yn 1948 klear.

Heaks op dizze lêste wenten kamen oan de lettere Skoalstrjitte in blokje fan twa

wenten, no Skoallestrjitte 54 en 56. **Gerlof Dijkstra**, boer op Skrok, boude hjir foar de beide dochters **Grietje** en **Anke** mei har manlu **Minne Tjalsma** en **Sape van der Heide**. Doe't hja trouden yn 1952 hiene hja in kreaze wente ta har beskikking.

Doe't timmerman **P.J. van der Heide** yn 1952 mei dizze bou dwaande wie, waard ek boud oan de **Andries Joustrastrjitte** oan in blok fan fjouwer wenten aan de súdwestkant, folge troch in blok fan fjouwer wenten aan de noard-eastkant, letter noch oanfolle mei it blokje fan de nrs. 2 en 4.

Doe wie it in pear jier dien mei de bouwerij yn Easterein. Der wiene wol jongelju dy't earne oars wurken en yn it doarp wenje bliuwe woene, mar dêr woe it Gemeentebestjoer fan Hinnaerderadiel net foar bouwe. Fierders wie der temin fraach yn it doarp en yn Wommels safolste mear!

Fral troch aktiviteiten fan de Joustra's waard der in sintelpaadsje fan Vrijburg oanlein nei de nije skoalle, dy't hjir yn 1953 klear kaam. Fan it paadsje waard drok gebrûk makke oant de gemeente it ferfong troch in strjitte. Mar huzen kamen der earst net oan dizze nieuwe wei.

Inkelden fan de feriening fan Doarpsbelang, **R. Posthuma** en **F.K. Reitsma**, hawwe doe kontakt socht mei Mr. Okma, deputearre, om de huzebou wer fan de

grün te krijen. Op 't lêst, nei boarchstelling fan de Herfoarme Tsjerke, waard in earste blokje set oan dizze strjitte.

Neitiid waarden de feartsjes oan de **Wynserdyk** tichtsmiten en ek it djippe gat tusken **Wynserdyk 39** en **Vrijburg 8**.

Doe koe hjir ek boud wurde. Sa kamen de huzen hjir yn 1964 / 1965 klear.'

Andries Joustrastrjitte Boarterstún

Ype Joustra skriuwt oer de oanlis fan de boarterstún: '*By de sloop fan it bûterfabryk ha ik yn it bestjoer fan Doarpsbelang foarsteld, de âlde buizen en liedingen te keapjen foar in op te rjochtsjen boarterstún. Dit is bard. Wy ha wol 2000 kilo kocht foar âldizerpriis. In grut tal vrijwilligers ha doe oan it ynrjochtsjen fan de boarterstún meiwurke. Al dy buizen binne noch yn gebrûk.*'

Op **Vrijburg nr. 1** waard op 11 juny 1971 de Kristlike beukerskoalle 'It Bikoor' iepene. Lang hat de beukerskoalle as sadanich net funksjonearre, eins mar 20 jier. Doe waarden de beukerskoalle en de legere skoalle yn it kader fan de 'basis-

Nieuwe speeltuin in Oosterend (Henn.) officieel geopend

In Oosterend heeft burgemeester R. Alta van Hennaarderadeel dinsdagavond de nieuwe speelplaats officieel in gebruik gesteld. Er was een feestelijke stemming in het dorp. Om een uur of zeven maakte het christelijk muziekkorps „Wilhelmina“ een rondgang door het dorp en daarna sprak de voorzitter van de dorpsvereniging, „Hâld Faesje“ de heer R. Posthuma, een kort woord.

Met het maken van de speeltuin hebben de Oosterenders een aardig staaltje van eensgezindheid gedemonstreerd. De speeltuin ligt op een heel geschikt plekje, waar voorheen een soort plantsoentje was. Het terrein is door de gemeente belangeloos beschikbaar gesteld voor de commissie, die de speeltuin zal exploiteren. Heel wat mannelijke inwoners van Oosterend hebben zich belangeloos ingezet om het plan te doen slagen. Ze brachten en kleine elfhonderd gulden bij elkaar, het gemeentebestuur van Hennaarderadeel subsidieerde met vierhonderd gulden, zodat voor anderhalf duizend aan materiaal kon worden aangeschaft.

skoalle' byinoar fooge en waard de legere skoalle sa útwreide dat dêr ek in ûnder-
kommen wie foar de beukers fan Easterein en omkriten.

It gebou is yn 1989 oernommen troch **Roel Nauta** (*1955) dy't hjir oant 1994 syn
S.R.V.-bedriuw yn fêstige hie.